

# Feitsma Fûns

Fûûns fwar it Frysk



*Dizze kollum waard op  
2 sepimber 2018 yn de  
tsjerke fan Brantgum  
útsprutsen troch  
Fridewih Riemersma*



## Feitsma en ûnderwiisbelied Frysk

Soe Tony Feitsma har omkeare yn har grêf? Want net mear as in hânfol skoallen jout Frysk op sawat it nivo fan it Nederlânsk. Oer it ûnderwiis yn it Frysk ha net de oerheid of de âlden it te kedizen, mar de skoallen; dy wolle in kurrikulum sûnder drokte. De provinsje seit, yn 'e bestjoersôfspraak mei De Haach, dat se de regels foar ûntheffing fan it fak Frysk sa stelle dat der draachflak is by de skoallen. Draachflak foar *gjin* Frysk is sadwaande it útgongspunt. Mar soe Feitsma har omkeare yn 't grêf, neffens frou Feitsma? It idioom fan omkearen yn it grêf is letnjoggentjinde-ieusk Ingelsk. It is yn 1925 net opnommen by de Hollânske siswizen. Yn 1932 brûkt de skriuwer Rintsje Sybesma it, mar dy ha wy ferballe fan 'e Fryske planeet. Feitsma, soe frou Feitsma dêrom sizze, keart har nearne om yn har grêf!

Ek soe hja net fan skamte terane, hoewol't Waling Dykstra dat idioom mooglik by Joast Halbertsma wei hat. Want hyperboalen wie hja de persoan net nei. As jo wat sizze wolle yn 'e geast fan frou Feitsma, oer it ûnderwiisbelied foar it Frysk hjoeddedei, dan ha jo bjustere idealen en rotsfêste oertsjûgingen, mar dêr geane jo hoeden mei om. Jo 'meitsje gjin ûnderskie tusken wurk en libben', sizze se; it wurd 'dogma' falt nea. Jo ferdigenje jo dan ek net, mei dat wittenskiplik riddenearen doch itselde giet as deistich riddenearen. Mar sa dogge jo it: út wat jo sjogge liede jo ôf wat der barre moat. Jo einbesluten meie sterk of swak wêze, in ferkeard einbeslút kin net. En jo konkludearje dat foar de empowerment fan Fryslân de taal beskiedend is.

Om te begjinnen moat der dêrom foar de Fryske taal in 'taalwarm' komme, kreker sein – frou Feitsma die dat nammers net – in lês- en skriuwnoarm. Want as minsken eat allegearre in bytsje oars sizze is dat net slim, mar as de ferskillen grut binne of as se moarn alles samar oars sizze as hjoed, wurket taal net mear. Gjinien wit dan noch hoe't er it sizze moat, as yn in njoere dystopy, dy't aldergelokst noch betocht wurde moat: sa'n taal kin net oerdroegen wurde en giet dea. Sadwaande kamen der yn 't sok fan it nasjonalisme, dat easke dat boargers lêzen en skriuwen learden, oeral taalnoarmen.



Dêr bestiet wol in dystopy oer: *Nineteen eighty-four*. Big Brother skrast dêr alle dagen wurden út de taal, om sa taalfariaasjes, dy't ynherint bedriigjend binne foar de ienheid en de macht, ûnmooglik te meitsjen.

Allyksa docht de Fryske Akademy, dy't himsels it rjocht taëigene hat de Fryske taal te normalisearjen en standerdisearjen, sadat wy lykas yn oare lannen wat oerbliuwt, de standerttaal, oan de skoalbern learre kinne. No skatterje jo it út: *lol*. *Laughing out loud* yn normalisearre twittertaal. Twitter kin *lol* mooglik wol standerdisearje ta geef Frysk *haba*, mar krekt as de mienskip sûnder druk fan bûtenôf seit fan sa sizze wy it, dus nei't se de noarm ynternalisearre ha, is it in noarm. It is dy noarm, sa't jo niis seine, dy't essinsjeel is foar it brûken en fuortsetten fan de taal.

Dêrfandinne dat jo in libben lang omkôgje op 'e Fryske lês- en skriuwnoarm. Sa't de minsken prate hinget ôf fan hoe't har taalmienskip praat, dy't syn eigen sin docht, erkenne jo; mar tagelyk oppenearret de Fryske oerheid him fierstente min. "Hjir sjogge wy dat in tekoart oan noarm in tekoart oan macht is", sizze jo. Mar in oerheid dy't oan it standerdisearjen slacht docht dat net sûnder de nedige propaganda, en dochs jout dat faak net folle. Bern komme likegoed thús mei wurden dy't se op skoalle net leard ha.

De âlden krije dêrfan de skuld. Al yn antike tiden droegen de âlden de ferantwurdlikens foar it swakke karakter dat se yn har bern printe hiene en by gefolch foar it maatskiplik ûnheil. Jo feie dat net sasear fan tafel as dat jo tinke: hoe ha se dat dan, dat karakterprintsjen? Want al binne taalnoarmen ûnbewust – wat jo nammers ferswiije – jo twivelje der net oan dat taal him stjoere lit! Jo hoege allinne mar de krekke boarne fan feroarjende taalnoarmen op te spoaren. Der is altyd wol in soarte fan taalrivaliteit, mei by ús it Ingelsk as súksesfolle eksoat. Der is ek altyd taalferoaring. Dat is om modernisearring en funksjonaliteit, lykas mei it lienwurd management, mar ek is it samar. Ynienen kaam de útspraakfariant op fan 'e Amsterdam-Súd 'r' dy't stedse jonge froulju cachet joech. De taalsosjoloog Labov, dy't ûndersyk die op it eilân fan Jaws, fan wa't (de linguist, net de haai) frou Feitsma de metoade fan it stikeme ûnderfregjen fan taalbrûkers learde, fûn út dat taalfariaasje net tafallich is. De saneamde 'frije fariaasje' wie neat oars as in ûnfrije, doelberet of bewust troch de praters makke kar op it sosjale mêd. Oars sein, taalferoaring hat altyd sosjale oarsaken en dy oarsaken ha altyd te krijen mei macht en status.

Jo, mei de iene foet noch yn 'e dialektology dêr't taal bûn is oan territoar en in 'kollektivum', diele dalik Labov syn moderne, postnasjonalistyske fisy: taal is bûn oan sosjale faktoaren. Yn de maatskippij stride twa krêften: status en solidariteit. As taalpraters in soad gewicht takenne oan status, ha se gewoanlik swakke bannen binnen har taalnetwurk en stribje nei sosjale mobiliteit, bettere banen en in wissere ekonomyske takomst. Taalpraters dy't solidariteit neije bliuwe yn har stân en omkriten, prate mei de buorlju en dogge mei oan it tradisjonele mienskiplibben. Nijsgjirrich is dat beide opsjes in taalkomponent hawwe en boppedat fier fan frij binne.



Jo sizze: it efterút gean fan it Frysk komt net fan ymport fan it Nederlânsk *an sich* – ferhúzjen, reizgjen, tillefyzje – mar leit deroan dat de sosjaal prestizjeuze taal fanselsprekkend de taal is dy't praat wurdt troch de groep mei de measte polityk-ekonomyske macht.

Jo sizze: talen binne taalkundich wol lykweardich, mar sosjaal absolút net. In wet foar foar de bestjoerlike lykweardigens fan 'e Fryske taal is mar in begjin. Dat dy wet tweintich jier op him wachtsje liet seit trouwens al genôch. As se dêrneist de regel sa stelle dat de oerheid mei elke boarger apart besjen kin oft it petear yn it Frysk giet of net, sil de oerheid nea Frysk prate, ommers de boarger is sûnder de Fryskpratende mienskip efter him in frjemdling op dominant Hollânsktalich hiem dêr't it Frysk werombrocht is ta in buordsje mei in mantsje op klompkes, 'Húske'.

Jo sizze: merk op dat de mienskipspromoasje gjin spat Fryskbefoarderding befettet. Ried ris hoe faak oft op 'e webside fan it ûntheffingsbelied foar ûnderwiis yn 't Frysk it wurd mienskip stiet.

Yn in mienskip spilet de oerheid in modelrol, sizze jo. Bekend is dat taalûnderwiis krekt helpt as bern letter wat kinne mei de taal. Mar gjin oerheid skept Frysktalige banen. Al in heale ieu tinke wy oer bettere akseptasje fan it Frysk. Nimmen merkt op dat akseptasje gewoanlik *nei* de regulearring komt, lykas by it homohoulik, sadat in breed draachflak as betingst foar ûnderwiis Frysk kul is. Lit stean dat immen ea mei bewiis kaam dat Friezen har taal fersmite. Net ien dy't Sis Tsiis, striders foar Frysk op skoalle, ideologyske loftfytters neamt jout ta dat alfabetisearjen yn 'e lânstaal typysk Europeeske taalideology is, basearre op 'e winskhoed fan *the powers that be*. De provinsje swetst no oer in realistyske oanpak fan it ûnderwiis Frysk – as wie realisme net ek ideology – mar skoalle lûkt jongerein dochs net nei it Frysk, ûntmoedige in ekspert al yn 1982: “de jongereinkultuer en de frije seks soenen in Fryske staach ha moatte, dy't krekt wat radikaler is.”

Hiene jo sjoen hoe't it Frysk derhinne lei bûten Akademia, sizze jo, dan hiene jo fansels wol warskôge dat ûnderwiis yn it Frysk wurket, simpelwei om't taaloanfiterjen it meast súksesfol is as taalpraters it prestiizje fan har taal fergrutsje middenyn de dominante mienskip, om't taalpraters har wolfear en ynkommen ferheegje en har wettige macht útwreidzje lyk yn de eagen fan de oerhearskjende mienskip. As 't Frysk mar klinkt oant yn alle hoeken fan it meast boargerfoarmjende Nederlânske steatsynstitút, de skoalle. De rest is bysaak. Wer skatterje jo. Hiene jo in bern nei skoalle brocht, mei in lytse Joast-junior oan 'e hân it skoalplein oerstutsen, dan hie jo striid net sa abstrakt west: taalnwarm! lol.